

## Gjin sânynustry foar de kust fan De Fryske Marren

Op dit stuit sjogge je noch fûgels at je bij Nijemardum of Aldemardum of Murns oer de Iselmar eagje. Mar at wij net massaal protesteare, dan stiet dêr takom jier in grutte sânwinyndustry op in eilân foar de kust.

In eilân fan 17 ha op 5,5 km út de kust foar it Aldemardumer klif. It heechste gebou is 22 meter. Loadsen fan 100 meter lang. Twa sânûgers bin dei en nacht sân oan it opslurpen oant in djippte fan 60 meter. We sille dy yndustry sjen. We sille dat lûd dei en nacht hearre. Der komt in soad fersmoarging bij te pas.

De sifers wize út dat de kuststrook en it doarp Aldemardum in oanmerklike lûdtaname te wachtsjen stiet. It is net goed foar de natuer, it is net goed foar ús en it is net goed foar it toerisme.



De gemeenteried fan De Fryske Marren giet oer de fergunning. Se ha it beslút oer dizze kwestje útsteld. Der is in soad druk fan de befolking en organisaasjes om dit plan te kearen. En oan de oare kant moat de Ried it opnimme tsjin grutte krachten: de Minister, Ryksweattersteat en de Provinsje dy't dit plan trochsette wolle. Se kinne alle stipe brûke dy't se fan ús, de bewenners, krije kinne. Hoe mear bewenners NEE sizze, hoe grutter it draachflak foar de Ried om NEE te stimmen.

Op ús Site steane ferskillende aksjes dêr't je thús oan meidwaan kinne.

- De hantekeninge-aksje. Doch mei en set je hantekening op de petysje. Elke stim telt!
- Affysjes op de ruten: download in affysje en hingje dy foar de ruten! Printsje drekt ek mar in eksimplaar foar de buorlju. Dy sizze fast ek NEE tsjin Sânynustry foar de kust fan De Fryske Marren.

We ha in appgroep fan minsken dy't har belutsen fiele en meidogge oan aksjes. Yn de app wurdt praten oer wat foar aksjes wij dwaan sille en hoe. Wa't dêroan meidwaan wol kin even in app stjoere nei: Gerrit Schra 0650265968.

Comité Geen Zandindustrie IJsselmeer  
<https://www.geenzandindustrieijsselmeer.nl>